



# OP FEKÂNSJE

lenakter blijspul

door

AAN PANDER

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **OP FEKÂNSJE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **AAN PANDER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2014 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **5** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSONEN:**

Gepke

Saapke

Siebe

Gurbe

Plysje

As de gerdinen iepengean, sjogge wy de sydkant fan in auto mei in oanhingkarke mei bagaazje, in hûn en in hin yn in kouwe. Hja binne sabeare oan it riden. Yn de auto sit heit Siebe efter it stjoer en mem Saapke der njonken. Soan Gurbe sit efter mem en dochter Gepke sit efter heit. Heit Gurbe en dochter Gepke sitte wat heger. As it mooglik is draait der op de eftergrûn in film fan in autodyk. Se sjonge it heechste liet: ose se wiese wose wiese walla kristalla krist ose wiese wose wiese wies wies wies wies. 2 as 3 keer.

Gepke: No mei ik ek wol ris sizze wat foar ferske of wy no sjonge. Gurbe hat it no al sa faak sein en ik wit ek hiele moaie ferskes.

Saapke: Der hast do gelyk oan hjer Gep, sy mei it no ek in kear sizze.

Siebe: Moatte wy dan de hiele reis dat gejeuzel oanheare, m'n soe der pine yn 'e kop fan krije.

Saapke: Do moast net sa seure, dat is dochs gesellich. Wat woe se sjonge leave?

Gepke: No dat ferske fan Jan Boesgroen: se segge dat ik altyd dronken ben, das niet so mooi, das niet so mooi.

Saapke: No..... dat sjonge we mar net leave, wer hat se dat leard?

Gurbe: Sjonge dat ferske.....wat oars! Of net heit; sy mocht dochs sizze wat foar ferske?

Siebe: *(laket him slop)* ja hjer, set mar yn Gurbe, dan sjongt heit ek mei. *(se sjonge mei har trijen. Saapke sjongt net mei en skammet har in bytsje.)*

Saapke: *(as se troch sjonge seit Saapke lûd:)*

No sa kin it wol ta, ik ha no in lytse sizwize:

Ik zit hier voor het raam me stierlijk te vervelen,

ik wou dat ik twee hondjes was, dan konden we samen spelen.

Gurbe: No, no, wat ha wy in wille hân net?

Siebe: No, dan ken ik ek wol ien.

Er was een vogeltje dat kon niet kakken, want er was een veertje aan zijn poepertje blijven plakken.

Hij zei van hi, hij zei van ha, hij zei van homme,

hoe is dat veertje aan mijn poepertje gekomme?

Saapke: No, as dat alles is, dan kinst dy better stilhâlde.

Gurbe: Wat rydt us elektryske autootsje moai net heit, je kinne de moter mar amper heare.

Gepke: Hoefolle kilometer kin heit ride op in folle akku?

Siebe: No dat wit ik net, mar yn Dútslân binne mear stopkontakten as benzinepompen, dus dat makket neat ut.

Saapke: Nuver is't, fan technyk hast gjin ferstân, mar as der wat nijs op de merke komt bist er as de piken by.

Siebe: Do moast better neitinke, op 'en doer is dit folle goedkeaper, en hâlde wy jild oer.

Gurbe: Sjoch, der rint Pieter Popla. Koning Keizer Admiraal, popla gebuiken ze allemaal!

Siebe: Dat is toch Pieter Kingma fan skeve Harke?

Gurbe: Ja, mar sy neame him popla, omdat hy altiten nei stront stjonkt.

Gepke: Mem, is it noch fier, want ik moat sa noadich poepe.

Saapke: Nee leave, wy binne der noch lang net, dan moat heit mar efkes stopje.

Siebe: No moat it net mâlder, wy binne noch mar krekt fan hûs en no moat sy al út de broek.

Gepke: Ik tink dat it noch fan de griene earte fan juster komt, dy draaie my sa nuver yn it liif om. Ik moat ek hieltiten, fan dy sachte poepkes litte.

Gurbe: Ooooh...., dochsto dat, ik tocht hjir is ergens in boer oan it jarjen en hie al es om my hinne sjoen.

Siebe: Ik stopje net, krekt foardat wy foart gongen ha ik noch freege, as der ek noch ien nei it huske moast, no en doe hoechde der net ien, en dat is noch net in healoere lyn.

Saapke: Mar doe hoechde sy noch net en leave, (*Gepke skoddet heftich fan nee mei de holle*) ik moat sizze, ik bin der ek net frei fan, ik ha ek pine yn it liif.

Siebe: No raar is it, binne der miskien noch mear dy't earne lêst fan ha?

Gurbe: As we dan toch stopje kin ik ek wol efkens út de broek en in anaaltsje meitsle.

Saapke: Hâld op mei dat moeilijke en ôfwaaide praat. Je soenen je skamje.

Gurbe: No, dat seit omke Remmelt út Skearne Goutum ek altiten.

Siebe: Wat ha jimme in gedonder. (*tsjin Saapke*) Hoe koest it ek betinke om juster noch snert te sieden, do koest der donder op sizze dat we der lêst mei krigen.

Saapke: Dat moast do nedich sizze, do hast der ek goed yn hongen, en twa bargepoaten hân.

Siebe: No stil mar, ik stopje wol efkens op in gaadlijk plakje. (*sy ride in skoftsje troch, en dan stoppet Sybe tagelyk mei de film*) No wa't moat kin hjir út de broek.

Gepke: Mar hjir steane hielendal gjin beammen. Sa wurdt it mei my neat.

Saapke: Ja, hjir kin elk dy ommers sjen, sille we noch mar in eintsje troch ride?

Siebe: Nee hear, wa't nedich moat sjocht net nei tiid en plak, ik stopje net wer.

Gurbe: Ik gean wol efter in tsjil sitten, dan hat net ien der erch yn en ha ik ek wat steun yn de rêch. Hat mem wol húskepapier meinommen?

Saapke: Och leave sei, dat sit hielendal ûnder yn de karre, dan moat de hiele karre eerst leech.

Siebe: Hoe koest no sa, sokke dingen moast altiten by de hân ha foar dit soarte gefallen. Hast ek papieren bûsdoeken yn dyn taske?

Saapke: Nee, do wist wol dat ik dat jild fergriemen fyn, dy dingen ha ik noch noait kocht.

Gurbe: No, sjoch der foaryn leit wol in lânkaart, skoar dêr mar in stik ôf.

Siebe: Bist net wiis dat dogge wy net, dy moatte wy miskien noch wol faak brûke.

Saapke: Mar dat fanke moat har got toch ôffeie. Skoar Ingelân der mar ôf, want dêr wolst do toch net hinne fanwege de hooligans dêr.

Gurbe: Hoeligens sil mem bedoele. Mar wat stik moat ik dan ha.

Gepke: *(laitsjende wei)* As ik klear bin kinst de achterkant fan it papier wol brûke.

Gurbe: No wat ha wy in wille net?

Saapke: *(slop fan it laitsjen)* Pak do de Skandinavyske lannen mar, want dêr is it waar heit altiten te min.

Siebe: *(sjocht brotsk)* No stil mar, do hâldst der ek net fan.

Saapke: *(skuort in stik fan de kaart ôf en jouwt dat oan Gepke)* Sa leave, no kin sy út de broek, en ik soe sizze lit dy hoeligens yn Ingelân mar 'een poepje ruiken'. *(laket har slop)*

Gepke: *(stapt út mei papier)* Ik gean ek efter in tsjil sitten dan kinne se my net sjen. *(docht dat, broek nei ûnderen en giet tsjin tsjil oansitten).*

Gurbe: Ja, set dy hoeligens mar goed yn de sijk. *(laket)*

Siebe: Shit!

Gurbe: *(stapt ek út mei in stik ôfskoart papier, docht broek nei ûnderen, giet ek tsjin in tsjil oan sitten en seit:)* Ik sil se yn Skandinavië ek in 'poepje laten ruiken'.

Plysje: *(komt op troch de seal, kin mei fyts)* Wat zijn wij hier aan het doen? *(Gurbe en Gepke sjitte oerein en dogge hastich de broek omheech en klimme wer yn de auto)*

Siebe: Ooooh, dat is niks, dy bern moasten efkens uit de broek.

Plysje: Maar dat is verboden voor de wet, daar moet ik u een bekeuring voor geven.

Siebe: Neffens my mei dat net yn de beboude kom, mar der wol bûten.

Plysje: *(pakt boekje, blêdert der yn )* b b k- b b k- b b k

Sybe: Wat betsjut b b k?

Plysje: Buiten bebouwde kom. *(blêdert troch.)* Ja, hier staat het. Buiten de bebouwde kom mag niet getoiletteerd worden. Reden hiervoor is: mede weggebruikers niet te confronteren met: stank, lawaai,

knetteren, donderen, sproeipoep, of andere aanstootgevende, lawaaigevende, confrontaties’.

Gepke: Mem, hat kening Willem Alexander dizze wet no al makke?

Saapke: Nee leave, ik tink dat it noch ien fan âlde Prins Berhard is.

Plysje: En hebben wij ook gedronken?

Sybe: Nee

Gepke: Dat liegt hij allemaal. Fannemorgen heeft hij een bakbrogge met thee gehad, en later nog twee koppen koffie met een stuk kjellepoat.

Siebe: Dat bedoelt dy man net, hy bedoelt sterke drank of bier.

Saapke: Ooooooooooh, siz dat dan ek.

Gepke: Ik ha fan ‘e moarn al in fleske bier hân, hen mem?

Sybe: Praat net sa dom, bist noch net iens droech efter de earen.


Gurbe: Hast ommers de ringen fan it potskieten noch oan de kont sitten.



Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**